

Rients Gratama en de takomst

‘Tk kin net lang sûnder in poadium’

Doe’t Rients Gratama yn 1997 fjirtich jier op ’e planken stie, is hy yn syn thússkouboarch De Lawei huldige. Dat wie in inisjatyf fan doetiidsk direkteur Thom van der Goot, dy’t my by dy gelegenheid frege hat om dy fjirtich jier te boek te stellen. It wie my sa klear as wat dat dat boekje *Ha, die Rients!* binnen de koartste kearen wer ferâldere wêze soe. It wie net mear as in momintopname. Want hoewol’t er sûnt dy tiid fan Drees krige, wie hy net plan en tar as âld feteraan op it ferline. Dat ferline wie ryk genôch en mei’t er segene is mei in kop as in almenak, koe er dêr oant de lêste snik út putte, as er woe.

Mar sa siet er net yninoar, hy wie noch lang net útpoept. ‘Leer- en nieuwsgierig als hij is, pakt hij steeds nieuwe dingen op,’ skreau ik yn dat hollânsktalige boekje (it wie nammers ek bedoeld foar syn net-frysktalich publyk dat er benammen yn de jierren sechstich en santich skewielde).

Wy binne no tsien jier fierder, en winliken jildt dat noch altyd. ‘Ik bin noch oeral foar yn,’ seit de op 24 jannewaris 75 jier wurden entertainer. Bygelyks foar in nijjiersprogram mei klezmerband Di Gojim. Direkteur Gerard Wolters fan it Posthûsteater op It Hearrenfean wie mei it idee kommen.

Rients: ‘Dat wie in fantastyske jûn. Foar sa’n gelegenheid wol ik der ek wat fan meitsje. It kin der net mei ta dat Di Gojim en wy elkoar ôfwikselje, nee, dan dogge wy ek in stik of wat nûmers mei-elkoar, de troika fansels, ik hie in Fryske tekst op Anatevka en ja, dan fyn ik it fansels prachtich om ek noch sels in nûmerke op myn baritontsje mei te blazen. Dat dan repetearje wy even mei-elkoar. Ik sei jûns tsjin it publyk, dit is in jubileumfoarstelling. Di Gojim bestiet fyftjin jier, Peter Sijbenga is fiifentweintich jier dwaande en ik fyftich jier. As wy wolle soene, koene wy takom jier om krystiid hinne samar in lyts toerneke hâlde, mei tank oan Wolters dy’t ús by elkoar brocht. Sokke geweldige muzikanten jouwe my wer in soad enerzjy.’ ‘Omrop Fryslân hie krekt wer de televyzjeregistraasje útstjoerd fan ús program ‘Makkumer slaat Workumer’, dat ik sei tsjin Peter, dat witte de minsken no wol, wy moatte mei wat oars komme.

Dat dan noaskje ik hjir wat om yn myn mappen, ik ha fansels in repertoire fan hjir nei Rome. Ik ha doe dat ‘ijsvrij’-liet út de Frysk Festivalrevu ‘Alle jierren feest’ fan 1985 foar it ljocht helle, dat foar dit doel poer geskikt wie.’

Mar wy soene net werom sjen. Wat hat er by de ein, in nij programma nei ‘Makkumer slaat Workumer’?

‘Nee, in jûnfoljend program begjin ik tink net wer oan. Ik soe it wol kinne, ik bin noch lang net útpoept, dat is it punt net. Mar myn publyk wurdt al lytser fansels. Ik haw altyd publyk hân tusken tweintich jier âlder en tweintich jier jonger as ik bin. No, dan kinst wol neigean, dat publyk fan tweintich jier âlder is der net mear, fan dyjingen fan tweintich jier jonger komt miskien de helte noch. Dan kinst, lykas wy by ‘Makkumer slaat Workumer’ dien ha, mar fjirtich kear fuort te spyljen, en dat is foar in seizoen te min. Sa’n program groeit trochdatst it faak spilest, dan krijt it pas syn ritme. De sealen sieten al dy fjirtich kear moai fol, mar de tiid datst fiif dagen achter elkoar yn De Lawei en De Harmonie stean koest, is foarby.’

Tinkt er wolris oan in eksklusyf âldjiersprogram, dat nei in tal try-outs yn de provinsje eksklusyf troch Omrop Fryslân útstjoerd wurdt? De herhelling fan de tv-registraasje hat sjen litten dat er noch lang net oer syn ‘hâldberheidsdatum’ hinne is en de kombinaasje mei Peter Sijbenga, dy’t folle mear is as allinnich muzikaal begelieder, is perfekt.



RIENTS GRATAMA. FOTO: REYER BOXEM

'As ik dat oanbiede soe, sille se der by de Omrop wol foar fiele miskien. Mar der moat ek budzjet foar wêze, en it is de fraach oft se dat derfoar ha. En ja, dan soe ik wol oan eksklusiviteit hechtsje. Se hawwe de útstjoering diskear net ien kear herhelle, mar in jûn en in nacht lang. Myn buorfrou fan hjiroer siet nachts noch te sjen. Dat ivige herheljen is foar in artyst net goed.'

Jout er noch les oan de Kleinkunstacademie yn Amsterdam?

'Ik haw noch al in pear jier as gastdosint yn 't boekje stien, ha 'k sjoen. Mar doe't ik santich wie, ha 'k tsjin direkteur Ruut Weismann sein, lit my no mar ophâlde. De sfear yn dat grutte moderne gebou oan de Jodenbreestraat wie ek frij saaklik wurden, de smûkens fan de skoalle oan de Lindengracht wie fuort. Ik haw dat lesjaan altyd mei in soad nocht dien, om't ik der sels ek in soad fan leard ha. Ast dy jongelju seist hoe't se dwaan moatte, dan fregest dysels ek hieltyd ôf: ja, hoe soe ik dat sels dwaan? Of kin it ek oars? Elke les oan har wie ek in in les foar my. Mar ast santich bist, dan moastst dy jeugd fan njoggentjin, tweintich jier mar oan oaren oerlitte.'

Fan de fyftich jier slacht er fjirtich jier ek yn it 'Hollânske sirkwy' om. Dogge dy kontakten no noch fertuten?

'Dat is wol aardich. Lêsten krige ik in telefoantsje oft ik myn stim liene woe oan in tekenfilm fan Walt Disney. Se wiene op my attindarre troch in aktrise mei wa't ik yn de musical 'Fien' spile haw, hoe lang is dat al net lyn? Fiifentweintich jier! En se freegje my ek noch wolris om te auditearjen. Audysje dwaan is ek moai wurk. Ik haw noch audysje dien foar de musical 'Cabaret', foar de rol fan de âlde Herr Schultz, de leafde fan Fräulein Schneider, dy't troch Anne-Wil Blankers spile waard. Dêr komt dan de hiele âlde hap opdraven, Rob van de Meeberg, Frits Lambrechts, Fred Florusse. It wie in gesellige reüny. Uteinlik is de rol nei in minder bekende akteur út Den Haach gongen.

Koartlyn waard ik noch benadere troch in teaterburo foar in rol yn in reizgjende produksje. Dy rol, en it tema fan it stik sprekke my tige oan, ik sis der even niks oer, want it sil wol net trochgean. Ik skytskoarje der ek tsjin oan, om't ik eins gjin sin mear haw oan al dat reizgjen, hjoed nei Roermond en moarn nei Frjentsjer. Om dy reden docht Gerard Cox hielendal gjin teater mear.'

De lêste jierren is it hieltyd minder Riens de kabaretier wurden, en hieltyd mear Riens de akteur, op it toaniel (King Lear) en op 'e televyzje (Dankert en Dankert).

'Beide is fansels fantastysk om te dwaan. Dat wurkjen mei oaren haw ik altyd al moai fûn. Ik bin in echte 'troeper'. By filmopnamen moastst moarns hiel betiid op 'e set wêze, dan genietsje ik fuortdaliks al fan de mominten mei de grimeuse en de klaaister. Gesellich.

Mei 'King Lear' krige ik der in nij publyk by, lang net alle teaterleafhawwers geane ek nei kabaret. Foar Tryater skriuwe ik no in toanielstik, dat is in soarte fan ferfolchopdracht. Doe't Hans Man in 't Veld artystyk lieder waard, hie 'k in ienakter skreaun

foar acht jonge minsken, dy't it ferhaal diene fan har pake dy't as jonge fan fyftjin jier yn de hongerwinter fan Haarlim nei Fryslân rûn wie en by in pleats oankloppe om iten. Dat is doe by wize fan 'Wolkom yn Fryslân' foar Hans ien kear opfierd. Wêrom makkest der gjin jûnfoljend stik fan, waard my frege. Dêr bin ik doe mei útein set, mei help fan Bouke Oldenhof, dy't my wakker oantrúnt. Toanielskriuwe is fansels wer in hiel oar metier. Ik kin wol in dialooch skriuwe, mar dêr bist net mei klear, der komt folle mear by te sjen. Ik wol dat der wat fan in twadde, djippere laach fielber wurdt, wat Pinteriaansk. It giet oer twa âlde mannen dy't fan in begraffenis weromkomme en om't der hast gjin minsken by wiene, wie der ek gjin neisit. Dy neisit hâlde se dan mar yn in kafee, dêr't in jonge faam achter de taap stiet, dy't ek har ferhaal hat. Geandewei ûntstiet der dan in soarte fan ferbûnens. Ien fan dy âlde mannen soe 'k sels wol spylje wolle, mar se kinne dat moaie gejeuzel fansels ek oan Freark Smink en Jan Arendz oerlitte.'

BAAS BOPPE BAAS

'Foar 'Beant Baas' Rense Westra en syn 'skoandochter Talieta' Meriyem Manders skriuwe ik in stik dêr't se takom hjerst de planken mei op wolle. 'Baas boppe baas, it stik' is de wurktitel. Rense en Meriyem is in kostlik duo fansels. Meriyem komt út de Amsterdamse Manders-famylje, troch har Turks-Nederlânske ferskinning kinst moai oer alderhanne multikulturele problemen útpakke. En Rense mar mopperje. It wurdt in musicalkomeedzje. Ik haw ûnder oaren in nije tekst makke op in liet út 'My fair lady'. 'Het Spaanse graan heeft de orkaan doorstaan' ofwol 'De Wide Ie lei niis fol wite snie.'

En sels noch de bühne op, op fersyk?

'Fan ynsidint nei ynsidint, ja. Takom nijjier stean ik bygelyks wer mei Albert Bonnema yn De Harmonie. Wat ik sa njonkelytsen wol wit, is dat ik net te lang sûnder in poadium kin. Ik ha der ferlet fan om my sa no en dan even flink hearre te litten. Ik haw wat te melden en wol dat graach toetse oan in seal. Dan giet der in flinke skeut adreline troch myn liif. Ik bin dochs mear in artyst as ik altyd tocht haw. Gjinn heilsumer medisyn as in foarstelling.'

De keunststofkezinen binne der ek noch.

'De pensjoenfoarsjenning ha wy as artysten fansels noait om maald, dat dy reklames binne in aardige ynstruier. It komt my geregeld oer dat se my op strjitte oanroppe: 'Hoe befalle de kezinen?' Och ja, dat is no ien kear sa. Oer de lyryk dy't ik yn al dy fyftich jier byinoar songen haw, heardest noait wat. Myn platen en cd's hawwe noait rûn, der is nul komma nul ferkocht.'

Mar der steane wol in pear lieten yn de Top-100 fan Omrop Fryslân.

'Dat is de fertsjinste fan de media. Simmer 2000 wie in mediaspektakel fan jewelste, en dan krijst dat dy lieten geregeld op de radio te hearren binne en minsken se as fersyknummer oanfreegje. De bûgel fan Looft den Heer komt geregeld lâns.'


It is al sa faak sein. Der is Frysktalige ferdivedaasje genôch, sjoch mar nei dat rike palet op Simmer 2000. De humor fan Teake van der Meer lûkt ek wol sealen folk, mar dy ûnderskiedt him net fan de grappen fan de streekhumoristen en buutreedners earne oars yn it lân. Jûnfoljend Frysktalich kabaret op profesjoneel nivo wurdt hjir lykwols allinnich noch beoefene troch Rients Gratama, wylst it optilt fan de Hollânsktalige kabaretiers en stand-up-comedians.

Moat der, faaks yn 'e mande mei of sels ûnder de flerken fan Tryater, net ris wat op dat mêd ûndernommen wurde?

'It hinget hiel bot ôf fan persoanen. Dat wie al sa mei Tetman. Dat wie in fakman dy't oan alle details tocht. Jo kinne se net kweke. Wol de útfierende kant. Mei Maaïke Schuurmans haw ik in programma makke, dat mei op har liif skreaun wie en de minsken foelen foar har. Froukje Schaaf út 'Mata Hari' is stewardess wurden. En wat wie Lianne Zandstra net goed yn 'Kening op sokken'? Spitich dat we dêr no minder fan hearre. Mar se kin der sa wer wêze, want se is in echte trochsetter. En stel dat se dan idee hie by in Frysk program en se soe my freegje oft ik dat foar har skriuwe woe? Ik leau dat ik it dan fuort die. Ja, dat die ik.'

De tweintichste

It lêste diel fan de memoires fan Gratama





Wy hâlde der wer mei op, mei dizze stikjes. Tweintich ôfleveringen is moai. Fynt de redaksje. Fyn iksels ek. De gong fan saken is no wol dúdlik en der binne fansels noch in knoarre ferhalen, mar dy binne ôf allinne mar skitterend foar minsken dy't se mei belibbe hawwe ôf se moatte ûntstean op in momint, op in plak, mei in glês.

It aardichst om te fertellen fûn ik eink it ferhaal oer Fryslân, oer Tetman, oer it begjin. Dat hat te dwaan mei de sitewaasje dat ik hjir yn Akkrum sit te skriuwen yn dat Frysk fan ús. De Fryske aktiviteiten lykje dêr it bêste by te passen. En it hat ek te meitsjen mei de wûnderlike sfear en de eksklusiviteit fan de ferdivedaasje yn dat pré-televisy-tiidrek. It tiidrek dat alles en elkenien minder tichtby kaam, dat in âldfaam yn Penjum noch fereale waard op in ûnberikbere radio-omropper fan de AVRO, dat it keunstke dat we fertoaden faak it iennige keunstke wie dat minsken yn it jier seagen. Dêr kin ik noch mei grutte wille en fernuvering by stilstean.

Fantastysk fansels dat 'k dat noch sa ferskuorrend âlderwetsk meimakke ha! Want hoe koart is dat eink ek noch mar lyn. Ik ha noch in foto fan de grutte First Frisian Band út Penjum (dêr't ik yn it begjin fan dizze searje oer fertelde en dêr't ús heit drummer fan wie) en op dy foto stiet de ferneamde sjarme-sjonger Minne Huizinga oan 'e kant mei in megafoan. Moatst neigean, in megafoan, sa'n bliken toeter, by in bigband op in simmerjûnkoncert yn de Ingelske tún yn Harns. Ik ha 't net heard mar ik wie wòl op 'e wrâld! Of hâst! Dat is dochs in grandioas besef! Dat is dochs om wêr yn hûndert ferhalen út te barsten? Net dwaan fansels, mar dochs!

Ik bin like âld as de Ofslútdyk en dy wie yn myn jeugd deunby. Wy gongen soms mei prachtich waar op in snein mei de húshâlding nei de Kop om auto's te sjen. Soms seagen wy wol seis of acht, soms wol twa motors en as wy wer nei hús fjtsten kamen soms fan Ljouwert ôf de fleantúchjes oer. Twadekkers, je koene de piloat sitten sjen! Skitterend!

Ik fyn myn kompjûter ek fantastysk en de hiele moderne wrâld dêr't er foar stiet, mar dat dy fleantúchjes my ek noch oer de holle flein binne, makket alles ta in machtige symphony fan tiid.

Ik sjoch noch efkes yn myn aginda fan 1957, it begjinjier by Tetman. Ik sjoch yn de trijenfjirtichste wike fan dat jier, fan 21 oant 27 oktober, fjouwer Fryske kriteen stean. Tusken de Gordyk en Wurdum troch nei Apeldoorn, Rotterdam, Bodegraven en Enkhuizen. Wrâldreizen! Leden fan dy kriteen hiene ek it gefoel dat se witwêrsanne wennen. Fier Fan Hûs, hjit sa'n krite soms. Tsjintwurdich rydst der hjirwei yn oardel oere hinne. Der binne noch in pear. Dat wol sizze, miskyn binne se der allegear noch wol, mar der binne noch mar inkelden dy't in optreden fan my bestuiverje kinne. Yn de Tetman-tiid fleagen wy foar 300 gûne mei seis man nei âl dy bûtenposten. Kofje, oranjekoeke, folksliet en oar gesjong, de foarstelling, ferlotting, twadde part fan de foarstelling, tankwurd fan de foarsitter, prachtige jûn, it wie net goedkeap mar wat wie 't skitterend, muzyk, Dútske polka, iispolka, boekeraffelstsje, fryske flachjes, ek yn Fryske tsiisblokjes, kofje, broadsjes. Net bepaald in téatrale kontekst, mar wol in ûnderfining dy't yn myn kop hinget as it byld fan de iene of oare Tsjechyske film. Fine jo it gek dat de sfear fan soks my, yn dizze taal, mear ta skriuwen oanset as twa moanne mei de musical 'Fien' yn Carré? Frysk kabaretier, it is ek net neat, wol? Miskyn barst ik der letter wol wer ris oer los.

En al dy jierren gong it oer Fryslân. Yn myn earste show by Tetman al. 'Fryslân oerein! Yn aksje mei-elkoar. Jawis wat oars wy allegearre.' Fyftich jier kamen de temâs: Hoelang noch en hoe, de taal, de boer, de natoer, it doarp, it eigene, de striidberens, de skiednis en de takomst foarby. En alles wêr't wy boartlik mei donderjage ha, komt hjoed de dei, ek min of mear boartlik, wer lâns út de bestjoerlike hoeke yn in pakket Fryske Fiersichten. De spagaat fan alles hâlde wolle sa't it is en tagelyk mei wolle yn de ekonomysk needsaaklike foarútgong ha ik in jiermannich lyn yn in liet fette. It liket m aardich om dêr myn bydragen mei ôf te sluten. Betanke foar 't lêzen.